

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 42 nûmer 5

maaie 2012



Redaksje:	Adres:	tillefoan:
Tryntsje Bouma	Skoallestrjitte 42, 8734 GN Easterein	0515-331762
Bauke Dijkstra	Wynserdyk 10C, 8734 GG Easterein	06-44057088
Dirk-Yde Sjaarda	Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein	06-54385633
Sjoerd van Beem	M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels	06-48713325
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444

Ynternetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

	tillefoan:	funksje:
Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein	0515-332500	Foarsitter
Gida Heerma Pipegaal 11 8731 DB Wommels	0515-332227	Skriuwer
Baukje de Jong v. Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein	0515-852400	Ponghâlder
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Wedstriidsekretariaat
Robert Schilkamp Hofkamp 33, 8731 BT Wommels	0515-331816	Foarsitter jongerein
Tineke Vink(tydlik) De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Lede-administraasje
Enne J. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein	0515-332013	PR en Reklame
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein	0515-333005	Sen./Technyske saken
Oetze Paauw Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein	0515-332094.	Skoalleseize

Jongereinkommisje:

	tillefoan:	funksje:
Robert Schildkamp Hofkamp 33, Wommels	0515-331816	Foarsitter
Bote Strikwerda Wyniastrjitte 10, Spannum	0517-342169	Algemien lid
Thecla Klynsma Geins 32, Wommels	0515-333037	Algemien lid
Hans v.d. Schaar Hofkamp 6, Wommels	0626785381	Algemien lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1, 2 en 3: Feite de Haan
Koördinator SDS 4, 5 en 6: Ids Boersma
Koördinator Sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Anna-Marijke Posthuma en Hotske Rispens
Sekretaresse: Elizabeth Breeuwsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema	0515-333005	Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma	06-53803817	Skriuwer
Durk Okkema	0515-333005	Coördinator A- en B-junioren
Boudewijn Kramer	0515-852400	Coördinator C-junioren
Fakatuere		Coördinator D-pupillen
Robert Hoekstra	0515-331190	Coördinator E-pupillen
Tsjipke Okkema	06-18296720	Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Douwe-Dirk Reitsma
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Enne Bruinsma
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> André Vink
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Tineke Vink (tydlik)
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatje@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommissje

Enne Jeh. Bruinsma	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Anne Stenekes	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Hendrik Engbrenghof	Algemien lid
Pep de Boer	Administraasje

Aktiviteitenkommissje

Annie Sjaarda	Amarins Hendriks
Simon Kingma	

Wedstrydsekretariaat

Senioaren: André en Tineke Vink, De Singel 30a, 8734 HR Easterein, tel. 0515-333134
(Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl)

Jeugd: Pieter de Boer, Van Eysingaleane 23, 8734 GD Easterein tel: 06- 10018187

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	G. Orsel, 't Kleaster 7, 8734 HB Easterein	0515-331297
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :	Senioren fjildfuotbal:	€ 59,95	it healjier
	Senioren sealfuotbal:	€ 43,20	it healjier
	A- en B-junioren:	€ 47,60	it healjier
	C-junioren:	€ 40,05	it healjier
	D- en E-pupillen:	€ 32,65	it healjier
	F-pupillen:	€ 28,35	it healjier
	foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting		

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Tineke Vink (till. 0515-333134).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Tineke Vink (till. 0515-333134).

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitiimasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Tineke Vink (till. 0515-333134).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers.

Oanmelding kin ek digitaal. op: **www.vv-sds.nl**

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Moandei 6 juny 2012

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje

We rinne hast wer oan'e ein fan de fuotbaljiergong 2011/2012. Mar foardat we hielendal de simmerstop yngeane leit hjir foar jim de ien nei lêste Treffer fan dit seizoen.

Yn dizze Treffer komt Sjoerd Rispen oant wurd en is der fansels ek wer in Kees' Kollum. Dêrneist is de oandacht foar fjouwer broers dy't allegearre by SDS fuotbalje en wurde jimme foarstelt oan Gida Heerma, dy't no sûnt koart yn it haadbestjoer sit.

Wy wolle jimme as Trefferredaksje wer in bult lêswille tawinksje!

(DYS)



Efkes foarstelle



side 9

Fjouwer broers



side 24

Persoanlik



side 30

Fan it bestjoer	5
Fan it jeugbestjoer	6
Oan it wurd: Sjoerd Rispens	7
Efkes foarstelle oan Gida Heerma	9
Kees' Kollum: O gossie, in glossy.....	11
Fan de Skeids (84).....	13
Noppen & Naaldhakken	19
It ljocht op in sponser	21
Living on the edge, mei in knipeach.....	22
In fruitmandsje bringe by....	23
Fjouwer broers.....	24
Ut de âlde doaze (1).....	28
Ut de âlde doaze (2).....	29
Persoanlik	30
SDS-ers en de sosjale media	33
Koppe?	34
Doelpunten 2011-2012	36
Trefferkes	39
Aginda	40

Fan it bestjoer



De tariedings foar it nije seizoen bin wer yn folle gong. Sa't it no liket bin der dan ek 25 SDS teams dy't fjild op gean en 1 de seal yn. Mar foardat de kompetysje begjint ha we op 10 augustus grut feest want dan wurdt SDS 65 jier.

Earst dit seizoen noch oan 't in goed ein bringe. It earste hat noch in dreech einde. It twadde is helaas degradeerd. It tredde en it fjirde handhave sich keurig en it fiifde wurdt krekt net kampioen. De dames slúte in wisseljend seizoen yn de middenmoot ôf.

By de jeugd kinne we miskien noch in pear kampioenen begroetsje. Al mei al wer in moai seizoen. Dit koe net sûnder alle frijwilligers. Tige tank!

Groetnis de TK

Ledenadministratie SDS

Vanaf 18 april j.l. beheert Tineke Vink (tijdelijk) de ledenadministratie van SDS. De laatste tijd is de ledenadministratie van SDS helaas niet up to date.

Door verandering van registratie, van PC Leden naar sportlink, zijn er fouten ingeslopen die we zo snel mogelijk eruit proberen te halen. Dit vergt enige tijd waarvan we hopen dat de leden van SDS hier begrip voor willen opbrengen. Over de ontstane fouten bieden we onze verontschuldigingen aan.

Mochten er vragen zijn dan willen we jullie verzoeken om deze via de mail te stellen. Tineke is bereikbaar onder e mail adres tinekevink@hotmail.nl Wanneer alles weer op orde is zal het bestuur voor de ontstane vacature een nieuw bestuurslid zoeken die de ledenadministratie onder beheer krijgt.

Namens het bestuur,

Douwe D Reitsma

Fan it jeugdbestjoer



En alweer zit er een seizoen bijna op. Nog enkele zaterdagen voetbal en dan moeten we weer een hele zomer wachten voordat we weer los mogen. Want als er op zaterdag geen wedstrijden zijn, lijkt het wel of die zaterdag dan ook langer duurt.

Maar zover is het nog niet en als jeugdcommissie zijn we druk met de voorbereidingen op de slotjûn op 25 mei a.s. Met de hulp van een hoop vrijwilligers gaan we er weer een mooi feestje van maken. Penalty-schieten, het kanon van SDS, partijtjes en patat. We hopen op massale deelname!

Ook dit jaar hebben de jeugdspelers van SDS doosjes drop verkocht (voorzien van SDS sticker). De jongste spelers (F en E-pupillen) zijn in eigen dorp langs de deuren gegaan, de oudere jeugd (D en C- pupillen) is naar omliggende dorpen geweest. En met succes, er is veel drop verkocht en ook waren er veel sterke verhalen over wat ze onderweg beleefd hadden. De definitieve opbrengst is bijna in beeld en het loopt al aardig naar de €1700,- !! Vrijwilligers, Leiders en Ouders maar vooral de JEUGD bedankt voor jullie inzet!! Hier kunnen we weer leuke dingen voor doen.

De technische commissie jeugd is ondertussen druk bezig met de indelingen voor het nieuwe seizoen. Een heel gepuzzel. Het lijkt erop dat we volgend seizoen kunnen starten met 2 B-teams. Het zal de wedstrijdsecretaris wel de nodige hoofdbreken kosten om de planning weer voor elkaar te krijgen, maar na het inschrijven van F6 dit voorjaar, heeft de jeugdafdeling een nieuwe mijlpaal bereikt!

Tot slot doe ik een beroep op ouders, grootouders en alle anderen die onze jeugd een warm hart toe dragen. Wij zoeken voor de jeugdcommissie nog versterking voor ons team. We hebben al een aantal malen iemand benaderd, maar helaas tot nu toe zonder resultaat. Gezien de samenstelling van ons team gaat de voorkeur uit naar een vrouw. En omdat Wommels oververtegenwoordigd is in de jeugdcommissie zoeken we iemand uit een ander deel van Littenseradiel. Heb je interesse, dan kan je mij of iemand anders van de commissie altijd om informatie vragen. Onze mailadressen staan op www.vv-sds.nl

Namens de jeugdcommissie,

Robert Schildkamp
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl

p.s. Noteer in je agenda: vrijdag 25 mei, slotmiddag voor de jeugd!

Oan it wurd: Sjoerd Rispens



Yn de lêste 'gewoane' Treffer fan dit seizoen litte we ien fan de lieders fan SDS3 oan it wurd. Sjoerd Rispens (25) wenjend yn Ljouwert, wurkjend as boukundich tekenaar/wurktarieder yn Langelille.

Hoe sjocht dyn karriere by SDS der oant no ta út?

It sil omendebjy '94 west ha dat ik op fuotbaljen kaam. Siet yn de F1 mei mannen as Erik H. en Arjen P. Neffens my wie Simon Kingma us lieder. Yn die tiid wienen we altyd oan it baljen, sa gau as skoalle ut kaam, hienen wy de bal oan de foet. De moaiste tiid wie dy yn it 'gouden A1' we spilen yn de haadklasse mei in echte freoneploech mei mannen as Kees A. en Tsjipke O. Trainer wie doe Robert Hoekstra en lieder Theo de Jong. We hienen us eigen webside en kamen op kompleksen dy't alle lukse hiene, dy't wy hjir doe noch net koenen. We wienen ferskriklik fanatyk en libben der echt foar. As ha ik ek wolris in 'skeve reed' riden doe't ik mei Kees op in 'afterparty' fan it ferneamde krystgala fan it Bogerman Snits belanne. Dat rûn noch al wat ut'e hân en doe't we nei hûs gongen wienen we it paad aardich bjuster...lokkich dat it iis yn de fearten tusken Snits en Wommels sterk genôch wie om us te hâlden. De oare deis moasten we yn de sporthal de foarronde fan it krysttoernoai yn Frensjer spylje. Dat

foel net ôf, ik makke sels de winnende strafskop sadat we nei it haadtoernoai mochten. Dêr binne we doe op ferskriklike wize utskeakele nei't de tsjinstanner in goal makke doe't de bel om de ein fan de wedstriid oan te jaan al gongen wie.

Wannear hast de oerstap nei de senioaren makke?

Yn 2002 kaam ik by it twadde dat doe ûnder lieding fan Klaas Okkema yn de 1e klasse spile. Dit foel my net mei. Krige lêst fan blesures, wylst ik in spiler bin dy't ritme nedich hat om ta prestaasjes te kommen. Dêrneist wie de trainingsopkomst ek doe wolris in probleem, mar krigen de erfaren spilers faaks al de foarkar. Al mei al waard de motifaasje minder en lei ik net alle freedtejûnen mear netsjes op'e tiid op bêd.

Nei ferrin fan tiid bin ik yn it tredde belanne en dat befalt bêst. We ha in gesellige ploech.

En no bist ek nochris lieder, hoe kin dat?

Ik fiel my altyd wol belutsen by in ploech en it delsetten fan de 'pionnen' op it juste plak, de wize fan spyljen.

Doe't ik hearde dasto ophâlde soest, fûn ik net dat Jan it allinne dwaan moast en ha ik, nei't ek de TC mei de fraach kaam, oanmelden as lieder. It gearwurkjen mei Jan befalt my goed,

we ha in protte wille. De resultaten wienen ek dit seizoen wer tige wikseljend. De earste helte fan it seizoen is dramatysk te neamen, net dat it fuotbal no altyd sa min wie, mar we pakten mar gjin punten. Lokkich ha we dat de twadde helte rjocht sette kinnen en einnichje we yn de middenmoat.

It tredde hat in te krappe seleksje en as der dan fanut it twadde ek nochris in berop op us jonges dien wurdt, dan hâld it net oer. Ek foel it my wolris wat tsjin dat minsken op it allerlêste momint ôfbelje om wat dan ek. Dan moast as lieder 'stêd en lân' ôfbelje om mar wer genôch spilers te krijen. Hjir soe elkenien wolris wat mear rekken mei hâlde kinne.

Mar goed, yn prinsipe gean ik takomme jier gewoan troch, al sykje

ik noch immen om it mei my te dwaan, no't Jan oanjoun hat om der mei op te hâlden.

Wat is dyn gefoel by SDS?

Ik ha it tige nei't sin al tink ik dat de kommunikaasje ûnderling wol wat better kin. Mar goed, dat hat ek wer syn oarsaken. Al mei al fuotbalje ik al wer hiel wat jierren mei meastal in soad wille. As ien fan de hichtepunten wol ik noch de tiid dat we yn de seal as SDS 2 fuotballen neame. Op woansdeis earst op in goed nivo balje en nei de tiid noflik sitte. In djiptepunt is toch myn tiid yn it twadde op it fjild. Ha eins net in lange perioade goed fuotbalje kinnen.

Ta beslút, dyn SDS superalve:

	Marten F.		
Arnold	Kees	Tseard	Ydo
Jacob-Klaas	Tsjipke	Mark	Fons
	Skelte	Dirk de J.	

Wiksels:

Jacob T.
Jehannes D.
Gerlof J. H.
Bote

Lieders:

Robert H.
Theo de J.

(SvB)

Efkes foarstelle oan Gida Heerma

As ik troch it adresboek fan myn Tom-Tom bledderje dan stiet it adres der noch yn. Want noch net sa lang lyn bin ik op de kofje west bij Johan Heerma. Dus mei ien druk op de knop stean ik sa wer op de stoepe bij de famylje Heerma. Dit kear net foar Johan mar foar syn frou Gida. Gida hat sûnt in oantal moannen sit nommen yn it haadbestjoer fan vv-SDS. En dêrom wolle wij har graach oan jim foarstelle.



Dizze minsken binne sa gastfrij dat ik net iens hoech oan te beljen. De doar stiet iepen, dus ik kin sa trochrinne nei de keukentafel. Under it genot fan in bakje kofje reitsje we oan de praat.

Gida, dyn namme witte wij ynmiddels. Mar kist do miskien noch wat mear oer dysels fertelle”?

41 jier lyn bin ik berne yn Zaandam. Doe ik in jier as seis wie binne wij ferhúze nei Easterein. Under tusken wenje ik mei myn man Johan en soan Inne yn de ‘Alde’ nijbou fan Wommels. Wij binne as gesin hiel sportminded. Johan en Inne fuotbalje en ik mei der altyd graach bijwêze om se nei de oerwinning te razen. Sels mei ik graach drave mei de draafklup fan Wommels. Derneist ha we sûnt koart wer in oantal kearen optreden

mei it frouljuskoar “Greideklanken” út Easterein. Under lieding fan Philippus Hingst jouwe wij sa no en dan noch in konsert. Dit fyn ik ek fantastysk om te dwaan.

Sportminded seist do. Is dat ek de reden datst no sit nommen hast yn it bestjoer?

Dat is al ien fan de belangrykste redenen ja. Ik bin al in oantal kearen frege om ferskaten funksjes binnen S.D.S te ferfoljen. Der wie nea echt ien bij wêrfan ik fûn dat it bij mij paste. Oant novimber ferline jier doe Douwe Dirk mij frege at ik miskien ek skriuwer wurde woe yn it haadbestjoer. Ik ha hjir koart efkes oer neitocht. En nei koart oerlis mei de foarige skriuwer Immie Kamstra ha ik beslúten om it oan te nimmen. It like mij wol leuk ta en ik wol graach wat dwaan foar de klup. Boppedat slút it moai oan bij myn wurk as administratyf meiwurkster. It is ek wol leuk om te fertellen dat ik de lêste bin út it gesin fan myn âlders dy no sit nimt yn it bestjoer fan S.D.S. De oaren binne my allegear al foar west. It moast der ek in kear fan komme soenen je hast sizze.

Do hast no sit nommen yn it bestjoer as skriuwer. Wat hâld dy funksje eins yn?

Ik bin op alle gearkomsten fan it haadbestjoer om alles te notulearen en út te wurkjen. Ik soargje foar de ynkommende en útgeande brieven en alle oare administrative wurksumens dêr omhinne. Derneist bin ik ek noch in oantal kearen yn it jier bestjoerslid fan tsjinst. Al mei al genôch wurk, mar wol hiel leuk om te dwaan.

Hast do no noch wol tiid om bij it fuotbal fan dyn man en soan te sjen?

Doe ik dizze funksje noch net hie stie ik ek faak efter de bar op sneon te moarn. Dit ha ik no opsein omdat ik sa no en dan ek wol efkes bij it fuotbal sjen wol. Ik ha tegearre mei Fokje ek wurke oan de opset fan de slotjûn foar de jeugd, mar dit ha wij in jier as trije lyn ek út hannen jûn. Dus op dit momint ha ik noch wol genôch tiid om sa no en dan efkes bij it fuotbal te sjen. Dat bliuwt úteinlik doch it leukste om te dwaan.

Ik tink dat wij al in goed beeld fan dy krigen ha. Binne der ek noch dingen dyst graach kwyt wolst?

Ik soe it hiel moai fine at we mei syn allen in klup as S.D.S draaiende hâlde kinne. Sterk Door Samenspel, der moatte wij ek foar stean. Ik fyn it fantastysk om te sjen dat in oantal earste en twadde âlvetal spilers tegearre mei alle oare trainers sa fanatyk trainen jouwe oan de jeugd. De bern sjoch bij de spilers op en wurde mei de wike better. Ik soe sizze, hoe mear frijwilligers hoe better. We moatte it mei syn allen dwaan.

Gida, dat fyn ik in moaie ôfslúter. Tige tank foar dyn ferhaal, en in soad súkses de kommende tiid bij S.D.S.

(BD)

Nijs fan'e aktiviteitenkommisje

Wa wol it stokje fan ús oernimme?

Omdat Amarins (stúdzje), Simon (oar bestjoer) en ik (nei 6 jier) der nei dit seizoen mei ophâlde, is de fraach hoe no fjirder? Binne der minsken dy dit oppakke wolle? Jim kin jimme melde by my: asjaarda@hotmail.com

Groetnis Anny

Kees' Kollum: O gossie, in glossy



Tomme, it is safier: de grutte fjouwer (of Derksens Special Five) driget net mear te bestean. En wat foar timing..

Wylst de Portugezen de oanslagen op Robben en Van Persie al plant hawwe, de Denen hun Viking-formatie al perfeksjonere en de Dútsers hun klear meitsje foar de Champions League-finale as moaie generale op it EK, komme út Kamp Hollân oare sinjalen.

Wesley Sneijder, de spil fan Súd-Afrika fiert al twa jier lang syn Champions League-oerwinning om earst no de skuonnen wer út it fet te heljen. En no smyt Van der Vaart ek nog in boekje iepen. Of boekje, wie it mar in boekje! Mar nee, Van der Vaart's Glossy is krekt útkaam. Glossy is dus ien fan de wurden die't my fuortendaliks senuweftich meitsje. It past hielendal yn ús tiidsbyld: yn in perioade dat eltsenien oeral syn miening ferkondigt fia Facebook, Twitter en wit ik wat, krijt in persoan in hiel tiidskrift en mei dit hielendal fulle nei syn eigen ideeën. De glossy is de kroan op ús evolúsje. En ik bin der bliid mei..

It ferfaardigjen fan in glossy ferûnderstelt dat de persoan dus fan miening is dat syn/har ideeën ek leuk en ynteressant genôch binne foar oaren om te lêzen. At je no Koffi Annan hjitte, kin ik it noch begripe. Mar by Van der Vaart wie it wierskynlik foaral syn frou dy't him wiis makke hat dat syn fysje op sport krekt sa boeiend is as de wize wêrop hy in flafliip foar Sylvie klearmakket en de kar foar klean dy't hy eltse dei meitsje moat. Mei in team fol media-adviseurs hat hy in wike lang

diskussearre oer de fraach welke auto je ride moatte mei welk waar. It reint, dus toch mar de Aston Martin?

In bytsje fuotballer moat him dus net brâne oan in glossy. Foaral net flak foar in EK en it leafst pas -op syn Thrustfulls- nei de aktive karriere. Dat Van der Vaart it no docht is neffens my symptomatysk foar de moderne fuotballer en seit ek wat oer syn persoanlike situaasje.

De Golden Boy fan Ajax kaam nei in tuskenstop bij Hamburg dan wol by Real, mar dit wie gjin ûnferdiel sukses. No ballet Van der Vaart yn Ingelân by Tottenham. Noch hieltiten de beste kompetysje fan'e wrâld, noch hieltiten in klup die it toppers dreech makket, mar mear ek net. Sterker noch, omdat se al rap ut de CL, de FA Cup en de Europa League leinen, krige Van der Vaart wat tefolle tiid en jild om hannen. In *midlife-crisis* yn syn fuotbalkarriere siz mar. Mei in glossy as útkomst.

In fuotballer moat fansels foarearst beoardielt wurde op syn prestaasje op it fjild. Ik hoop ek dat Rafael lykas Sneijder "skijjt" hat oan de rest en it goud foar 'ús' bemachticht. Lykas de helden Crujff en ko die't ek hun harren gong gienen en der glorieus

mei wei kamen. Fansels hoecht net eltsenien deselde hobbies der op nei te hâlden. Mar ik bin dochs wat benauwd. Troch himsels no yn ien rige te setten mei Linda de Mol makket Raffie it der net makiker op. We pleatse de sportprestaasjes dan dochs snel yn in oar perspektyf. Nim

Ribery. Of nim Kuijt die't allinnich mar wit hoe je soere en sâlte hjearring meitsje moatte en nog nea it wurd 'lifestyle' yn syn mûle naam hat. Dat binne types die't je wol yn it fjild sjogge wolle at je op it EK opiens tsjinoer 'Ik Zlatan' Ibrahimovic steane.



Christiano Ronaldo: hij moat ûnminselik goed prestere om de krytk op syn úterlik en gedrach te oerstimmen. Ien slechte pot of foute pass en it oardiel is klear: 'dy jongen rint neist syn skuon' en is 'tefolle mei oare saken dwaande'.

It soe spitich wêze at we VdV as gesellige leuke fuotballer sjen gean die't nea wat wûn. Hij liket it gif fan syn teamgenoaten wolris wat te ûntbrekken: Robin en de Hunter prestere al tiden goed en lykje sich nea troch rânsaken ôf te lieden. Sels primadonna Robben dielt in sneer út nei Kaiser Franz Beckenbauer, easket alle penals op...mar lit him dan wol wer slaan troch die akelige

Ik bin benijd hoe't Bert van Marwijk der mei om gean sil. Wierskynlik beslút hy der sa min mooglik oandacht oan te besteden. Ferstannich, want rânsaken moatte rânsaken bliuwe. Mar soe it net dat ek hy ûnbewust tinkt dat Rafael -in-kilootsje-te-swier- Van der Vaart toch wat út de wyn te hâlden? Ien faktor kin meispylje yn syn beslúten: wylst de oare grutte trije wierskynlik elk poule-duel meipakke, wurdt it makliker om Rafael efkes op de bank te hâlden; hij hat namelik wol wat te lâzen (al sil it wol bij it besjen fan de plaatsjes fan syn frou bliuwe....)

(KA)

Fan de Skeids (84)



Kunnen scheidsrechters het nog alleen af?

Als voetballiefhebber volg ik veel wedstrijden op de televisie. Live of in samenvatting het maakt mij niet zoveel uit. Via internet volg ik dan nog de samenvattingen van de topklasse en hoofdklasse wedstrijden. (www.voetbalopzaterdag.com) En daarnaast mag ik graag luisteren naar de praatprogramma's waar de discussies vaak gaan over allerlei voetbalzaken en arbitrage op nationaal en of internationaal niveau. Iedereen 'vind er wat van'. En dan moet je denken in de trant van, in de geest van de wedstrijd fluiten, gele en rode kaarten, strikt de spelregels toepassen, dingen over het hoofd zien en is het nu wel of niet buitenspel, etc. Op internationaal niveau hebben we nu nog 2 extra 'scheidsrechters' op de doellijn en ook dat is soms hilarisch om te zien.

Bij amateurwedstrijden moeten we het doen met slechts één (goeie)scheidsrechter waar we soms al snel een 'mening' over hebben. Slechts bij de Topklasse en Hoofdklasse wedstrijden is er een neutraal trio. Uit ervaring kan ik spreken dat wanneer je dit gewend bent om met een neutraal trio te werken, je niets liever wilt. Het mooiste is nog steeds om zelf een wedstrijd te mogen leiden afhankelijk op welk niveau. Want hoe 'lager' je komt te fluiten hoe moeilijker het is. Maar helaas wanneer er nog zoveel wedstrijden bezet moet worden door verenigingsscheidsrechters zal er op lager niveau nooit met een neutraal trio gewerkt worden. (uitzondering hierop een aantal P/D beslissingswedstrijden.) Zie je het al voor je bij een amateurwedstrijd waar gewerkt wordt met camera's? Nee, ook dit zal nooit gebeuren want de KNVB mag blij zijn dat er nog altijd welwillende mensen bereid zijn om tegen alle kwetsende opmerkingen te fluiten.

Op dit moment van schrijven zitten we weer in een voetbalperiode waarin diverse beslissingen vallen. Te denken valt aan het kampioenschap op Nationaal niveau, amateurs op diverse niveaus, degradaties, beslissingswedstrijden en als laatste de finale wedstrijden. (CL en EL)

Op internationaal niveau is het goed dat er nu 2 lijnrechters aan zijn toegevoegd die als een soort 'camera' fungeren voor de scheidsrechter. Niet alleen dat ze meekijken of de bal nu wel of niet over de (doel)lijn is maar ook de overtredingen waarnemen waar een scheidsrechter een strafschap voor kan geven. Zolang de FIFA en UEFA niet willen overgaan met het werken met echte camera's is dit een goede manier van scheidsrechters.

Een aantal voorbeelden op internationaal niveau; de halve finale om de FA Cup in Engeland met de wedstrijd Tottenham tegen Chelsea waar een

doelpunt geldig wordt verklaard door de scheidsrechter terwijl overduidelijk te zien is dat de bal niet over de lijn is geweest.

De halve finale in de CL wedstrijd tussen Barcelona tegen datzelfde Chelsea waren er een paar duidelijke beslissingen van de goedleidende Turkse scheidsrechter waar via de spriet ruggespraak is geweest alvorens er een beslissing werd genomen. De strafschop van Barcelona en de rode kaart van Terry waren hier 2 goede voorbeelden van. Het gaat er niet om wie de beslissing neemt maar dat de juiste beslissing wordt genomen. Want dat is het belangrijkste. Er moeten dan ook nog vele beslissingen achter het bureau worden genomen alvorens er vanuit diverse kanten van het veld dingen waargenomen kunnen worden.

Wie weet wat ons te wachten staat op het aanstaande EK.

Douwe D Reitsma

SDS klean

Noch SDS klean ha? Gean fia de wepside fan SDS nei de webshop.
No bestelle dan ha jim it foar it nije foetbalseizoen!

Wannear ast foar 1 augustus in trainingspak mei in grutte foetbaltas bestelst, krijst der in pear SDS-sokken der **GRATIS** by!



+



=



Gratis!

Fragen? Skilje 332500 of mail nei foarsitter@vv-sds.nl



INTERIEURSPECIALIST



In onze winkel treft u uitstekende service en vakkundig personeel. U vindt ons op het industrieterrein in Wommels. De koffie staat altijd klaar! Wij bieden (ook 's avonds) gratis en deskundig interieuradvies aan huis.

ALLES OP GEBIED VAN **GORDIJNEN** | **RAAMDECORATIE** | **HARDE**
EN ZACHTE VLOEREN | **BEHANG** | **BUITENZONWERING**



COLORS
@HOME

WOONVARIA

De Lange Baan 10 | 8731 DZ Wommels | Telefoon (0515) 33 26 05
E-mail woonvaria@colorsathome.nl | www.woonvaria.nl

Hite nûtsjes

It fuotbalseizoen rint op syn ein en de fjilden wurde sa stadich oan opeaske troch de keatsers. Hoe sjochst werom op dit seizoen fan de klup SDS yn syn gehiel?

As ik it ûnderferdiele moat yn hichtepunten en djiptepunten dan is foar my in hichtepunt dat it tongersdeitejûns de lêste tiid best wol wer ris drok yn de kantine is en ek wol gesellich. Djiptepunt fyn ik it omgean fan lju mei de teamsport "fuotbaljen". Spitich genôch binne der in soad lju dy 't op fuotbaljen sitte dy 't op sneon ek graach wat oars dogge. Neffens my kinne je dan better op in yndividuele sport.



Je sjogge it sawol by de senioaren as by de jeugd. De bern moatte keatse en tennisje op mominten dat sy eins ek fuotbalje moatte. Hoe moat dit no oars? Of heart dit by de tiid en moatte wy it akseptearre? **'It sil wol by de tiid heare' is in te maklik antwurd, mar it liket der al op. Tige spitich soks.**

**“Fuotballe by Mulier?
Dat is toch in keatsklup?”**

Hoe kin SDS soks feroarje? Easkje dat fuotballers net mear keatse meie? Of soenen sy dan by Mulier fuotbaljen gean?

Elkenien soe ris goed neitinke moatte oer it wurd 'teamsport'. En de 'ferplichtings' dy't der by sjen komme as je je oanmelde. Foar de jonges fan it flaggeskip wachtet in boete en sels in eventueel mis rinnen fan de PC, as se harren sneons net op it keatsfjild melde. Dramatysk fyn ik dat. Wêrom ha de KNVB en de KNKB hjir noch altyd gjin redelike ôfspraken oer makke? Fuotballe by Mulier? Dat is toch in keatsklup?

Troch mei wat oars. Ik ha heard dat Tsjipke Okkema in jier stoppet mei fuotbaljen en Jacob van Wieren nei De Vogels yn Grins giet. Is it dan dochs net better om yn de 3^e-Klasse fuotbaljen te gean?

Dat Tsjipke in wichtige spiler is, is dúdlik. Hy is net foar neat oanfierder en hat kwaliteiten dy 't oaren net ha. Jacob wurket op it fjild altyd hurd, skoort noch te min, mar hat absolút de mooglikheden om in goede spits te wurden. Miskien nochris wat minder yn de kroech op freed en dan makket er samar 15 per seizoen. Mar dat we sûnder dizze beide better nei de 3^e Klasse kinne, giet my te fier. Dat wat my oangiet wachtsje we de neikompetsje noch even ôf.

Hasto it stik fan Egbert Bootsma ek lêzen yn de Op 'e Skille? Wat fûndesto der fan?

Egbert is in sportman yn ieren en sinnen, dêr ha ik wol respekt foar. Hy is ek immen dy't leaver 3 kear wyks traint as dat er ôfsizze moat. Wat dat oangiet kinne in hiel soad fuotballers in foarbyld oan him nimme.

Fynsto it ek sa slim foar Marcel Frankena?

Wat no, is syn boat lek? Mar do doelst op it ferdwinen fan de sneinsôfdieling fan vv Zwaagwesteinde? Tsja, as der gjin spilers mear oerbliuwe dan hâldt it op net? Dy jonges fuotballe leaver op sneon, kinne se nei de tiid op stap. Mar goed, dat bard op freedtejûn like goed...

“Sy sieten net yn Boekarest, mar yn Boedapest”

Arnoud Koster waard op 'e nij kampioen mei TOP '63 1. It soe samar kinne dat wy him mei SDS 1 folgend seizoen tsjinkomme yn de 3^e-Klasse. Hoe liket dy dat?

Mei TOP '63 is neat mis. De lêste kear dat ik dêr fuotballe (mei SDS 3) skoorde ik mei in “omhaal” (ik dondere op de rêch en der foel in bal op de punt fan myn skoen), wûnen wy mei 2-0, hienen sy nei de wedstryd fleskes bier en ek noch hearlike hakballen. Kin neffens my net better.

Der is yn augustus ek noch wat te fieren foar de SDS-ers toch?

Jawis! Freed 10 augustus bestiet SDS 65 jier. Dy hiele dei sil yn it teken stean fan SDS. Op wat foar manier dat sille jim ynkoarten wol lêze kinne op de SDS-side. Wêr 't ik persoanlik op hoopje is in “echte SDS-dei”. Om myn part wurdt de kantine foar de tiid swart-wyt ferve en binne der yn de kantine allegear âlde SDS-bylden te sjen op foto's en film. Dêrneist hoopje ik fansels dat eltsenien dy 't SDS in waarm hert tadraacht oanwêzich is.

Oer it algemien wurdt der in bot seurd yn it fuotbaljen. Hasto ek noch wat ljochtpuntsjes sjoen?

Jawis! Mar leafst 400 supporters fan Athletic Bilbao stienen foar de finale fan de Europa League net yn Boekarest, mar yn Boedapest...

En do?

De prestaasjes fan RKC sprekke my bot oan. Dat in klup mei san lyts budzjet de degradaasje ûntrint en sels meidocht om Europeesk fuotbal. Mar ek dat in leafhawwer as Mark de Vries syn emoasjes sjen lit as er begrypt dat syn kariere der op sit. Dat binne foar my de ljochtpuntsjes.

Wat fûnst fan de Champions-League finale?

fuotbal draait om winnen en dat hat Chelsea dien. As sjochst nei it ferrin fan de wedstriid kin ik dêr allinne mar respekt foar ha. Elkenien sanikt en seurt dan dat se 'afbraakfuotbal' spylje, mar nochris; it giet om winnen! Wat dat oangiet ha ik der wol fan genoaten. Spannend wie it yn elts gefal al.

“Nei skriemende Dútsers sjen ferfeelt nea”

Überhaupt; nei skriemende Dútsers sjen ferfeelt nea.

De earedivysje hie oars ek mar in frjemd slot net?

De slot fan de Eredivisie wie in jûste ôfspiegeling fan it hiele seizoen. Ajax hie gjin kans mear op it kampioenskip en wint samar 14 kear(!) efterinoar en wurdt kampioen. Op de lêste spyldei wie SC Heerenveen – Feyenoord fansels in oanfluiting. Hie Heerenveen oansetten dan hienen sy de Rotterdammers oprolle. Dit wie fansels opsetlik, mar der wienen mear nuvere wedstriden, mar dan op in oare manier. FC Twente – SC Heerenveen wie ek sa 'n foarbyld. De Feansters hienen eins neat yn te bringen, 2-0 efter, Dost skoort út it neat en sy winne de wedstryd mei 4-3.

Gert-Jan Verbeek sei op de SDS-jûn noch dat it neat útmakke dat AZ wat langer trochgje yn de Europa League. Hjir bleaunen de mannen fit by. Neffens my hawwe sy dêrmei it kampioenskip ferskiten. Wat tinksto?

Verbeek hie it okkerdeis oer 'mentale moeheid' en dêr kin ik my wol wat by foarstelle. Op in bepaald momint yn sa'n seizoen haldt it op. Allinnich de echte top kin dit folhâlde, blykber is AZ dat net.

Hoe skatst do de kânsen op EK sukses eins yn?

De kans is der dat sy de earste ronde derút fleane. Dêr sjoch ik noch it meast tsjinop. As wy dy earste ronde trochkomme dan kinne sy sa Europeesk Kampioen wurde. Dochs bin ik noch it meast benaud foar Dútslân. Do ek? Of kloppet dyn hert mear foar SC Hearrenfean as foar it Nederlâns alvetal, mei al harren B.V.tsjes?

Dreech, as it meisit en it begjint te rinnen, dan kinne we sa wer in hiel ein komme. Bin benijd as van Marwijk it oandoart om mei sawol Huntelaar as van Persie te starten. As ferdideger fan de tsjinparty dochst it toch wol yn dyn broek as sokke topskoorders tsjin oer dy stean. Fansels folgje ik it op'e foet, it leafst yn lyts komite, as sjochsto it leaver yn de feesttinte?

Leaver koekjes wurde net bakt. It leafst sjoch ik it fuotbaljen mei de frou en Peppi & Kokki en as it echt net oars kin mei myn beste freonen op de bank mei in fleske bier en fansels wat hite nûtsjes....

(WW & SvB)

Noppen & Naaldhakken

*oer froulju, fuotbal en oare
belangrike saken*



Dit kear is de rubryk 'Noppen & Naaldhakken' yn in oar jaske stutsen. Fansels giet it noch oer froulju, fuotbal en oare belangrike saken. Dit kear nim ik jim mei nei it útstapke fan Dames1. Mei trainers Bauke en Sytze ûnder hun hoede, binne sy it tredde wykein fan april nei Uelsen yn Dútslân ôfsetten. Dit gie net gehiel sûnder ûngemakken...

Sa setten wy freed ôf mei 4,5 auto nei Dútslan, in gedielte tarieding wie al dien. Sa hie elts in moai programmaboekje krigen, wat ús tige nijskjirrich makke. Sa makke de organisaasje ús dúdlik dat it gie om in trainingskamp en net om in wyld wykeintsje fuort. It wykein soe hielendal yn 't teken stean fan fuotbaltechnyske en fuotbaltaktyse saken. Derneist moast der ek hurd wurke wurde oan de kondysje en it trochsettingsfermogen fan elts yndividu en fan de hele ploech. Âldegea hie hjir hiele oare betinksten by. Sa stie der in stikje op vrouwenvoetbalfriesland.nl:

OUDEGA - In de 5e klasse P07 stond voor komende zaterdag het competitietreffen tussen Oudega DA1 en SDS DA1 op het programma. Stond want de wedstrijd gaat niet door, met de reden zijn ze in Oudega niet zo blij want SDS heeft een uitstapje gepland naar Duitsland. Volgens de website van SDS, die we met enige kennis van de Friese taal hopelijk juist vertaald hebben, gaat de reis naar Uelsen voor een "trainingskamp" van 21 april -23 april 2012. Goede zaak dus alleen ga je meestal op trainingskamp op voorbereiding van een wedstrijd en zeg je daar niet voor af. Dat in Uelsen de grootste discotheek van Europa staat, ZAK geheten, zal dan ook waarschijnlijk berusten op puur toeval.....

Wylst alles goed útsprutsen wie mei de KNVB. Mar goed, wy ha ús hjir om net minder fermakke. It begjin fan it wykein startte goed. File. 7 km. Oké. We jouwe ús del mei in muzykje. STOP! Wat stop? Wat docht dy auto fremd... ooh nee wat is dit. Oh dat ding is te hyt! Nee, wat te hyt?! Snel, snel, nei de flechtstreek! De wat? De vluchtstrook! En sa stiene lâns de A37, fjouwer famkes yn in oranje hesje en in Peugeot 206. De iene waard migerich troch it waar en de oare moast mige. Lokkich kaam de ANWB, sy lieten ús net stean. Fia de flechtstreek, lâns de file, de dyk wer op. Wat in avontoer sa betiid op de middei. Wy wiene wer op 'e rit en sa stie dêr yn Dútslan it ûntfangstkomité op ús te wachtsjen. Efkes in beltsje mei in Dútse Bauke en sa wurdt der in 'sûþe

weiße wein' bij Frou Herr bestelt. Al snel koe it programma begjinne. Lekker ite mei Rianne! Ús sjeffin hat har best dien en it smakke tige bêst! Al snel folge it iisbrekkersspultsje, wêr de amers, aspirines, pennen en pillenstrips je om de earen fleine. We hiene hiel efkes de tiid om te bekommen mei bier en bratwurst. Mar de moai oankleide Bauke en Sytze wiene der rap by mei hun fuotbalquiz. Binnenlân, Bútenlân, SDS, Fuotbalfroulju en it oankommde EK wiene de kategorien. Werby Sieta (en har teamgenoaten Sjoukje en Tessa) útblinkten. Letter op 'e jûn waard it bêd uitermate populair, mar de trainingsdei wie foar sommigen noch net foarby. Technyske fragen waarden der stelt by it 'juffen', wêr somtiden ferkearde antwurden foelen. Spytich! Foaral nijkommer Agnes Postumus hie in drege pot...

De sneons hiene we in fol programma. De fuotbalskills, shopavontieren en chillaktiviteiten waarden dien mei in soad enthousiasme. Sjeffin Rianne hie ek dizze jûn wer wat prachtigs op tafel setten. Folge troch in spultsje wat nimmen sil ferjitte... It moardspul! Der hie ôfrûnde sneon namelyk in moard plak fûn, op it B-fjild fan S.D.S. De trainer fan it earste wie fermoade mei de cornerflagge. Der wiene fjouwer fertochten, allegear betrokken bij Jaap de Blaauw. Elke ploegje mocht de fjouwer fertochten ûnderfreesje. Sa rûnen der opiens 12 Sherlock Holmes's yn in kil Dúts park. In spannend muzykje derûnder hie it suver ôfmakke... mar wy sille fjirder net op 'e details yngean.

Neidat de organisaasje in grut applaus kriech foar it opsetten spul, wie it tiid om ús klear te meitsjen foar de grutste diskotheek fan Europa. Alle froulju giene 'immer gerade aus' nei hun tas mei klean om te begjinnen mei de tarieding. Bauke en Sytze hiene eagen te min, wat foar ferskate outfits te foar skyn kamen. Úteindelyk wie eltsenien der klear foar en gie de bistetún opstap. De megaclub ZAK bestie út fjouwer sealen wêr els sich koe fermeitsje mei harren eigen muzyksmaak. Ja, ek dit hearde by de training. In moaie jûn en ek hjir sille wy net op de details yn...

De sneins hie eltsenien wat minne eagjes en wurchte fuotten. Mar nei in noflik moarnsmiel (as wie it al middeis?) koe els der wer tsjin oan. In ploegje gie foar in frisse dûk yn it swimbad, werby ek de discoglydsbaan populêr wie. Folleybal, aquarobic, waterpolo en ús kreas oanklaaie wie foar sommigen wat dreech op 'e snein. De rest bliuwn yn 't húske mei it middeismiel (as fiede it as moarns?) en it hurdfytsen op tillefysje. Mei de hichte- en djiptepunten ha we ûnder it genot fan it bakje koffie as thee de dei, en dermei ek it wykein, ôfslúten.

Auf Wiedersehen!

p.s. Fjirder gjin foto's fan dit wykeindsje.. wy gean leaver net yn op'e details.

(TB)

It ljocht op in sponser

Ús skynwerper skynt dizze wike op Van Krimpen autoschadeservice. Dit bedriuw is sûnt in oantal jierren sponser fan S.D.S en fertsjinnet it om lyk as alle oare stipers in kear yn it sintsje setten te wurden.

Eigner fan dit bedriuw is Stefan van Krimpen. Jierrenlang fuotballer west fan SDS 2 en no sa no en dan noch aktyf foar SDS 3. Wij kinne Stefan as in entûsjast en gedreven persoan. Dat moatte jo natuerlik ek wol wêze at jo in eigen bedriuw begjinne wolle. In oantal jierren lyn hat hij it beslút naam om oan in nij aventoer te begjinnen. Nei jierrenlange erfaring yn it fak fan skadeherstel en spuitery fûn hij it tiid om foar himsels te begjinnen. In hiele grutte stap fansels, mar sa at wij no sjen kinne hat it goed útpakt.

Van Krimpen autoschadeservice is begûn fan út in lytse lokaasje. Mar it bedriuw groeide al rap út syn foegen, dêrom waard socht nei in nije en gruttere lokaasje. Dizze lokaasje waard fûn op it Industriepark 2 yn Boalsert. Hjir beskikke sij ûndertusken oer in profesjonele wurkpleats mei alle moderne fasiliteiten en apparatuer. (spuitkabine, richtbank ens.) In gruttere lokaasje betsjut natuerlik ek mear klanten, en mear klanten betsjutte mear wurk. Om al it wurk oan te kinnen hat Stefan ûndertusken al 5 minsken yn tsjinst. Dermei soargje sij derfoar dat jo snel en feilich wer op paad kinne.

De minsken by Van Krimpen autoschadeservice behearskje it hiele herstelproses fan A tot Z. Fan demontearen oant ôfmontearen, fan richten oant spuitsjen en fan plaatwurkbehandelings oant kleurefoarberieding. Se doche der alles oan om jo snel, kwalitatyf goed en feilich wer op paad te helpen. En dat alles foar in skerpe priis. Derneist binne se ek noch dwaande mei oldtimer restauraasje en tuning. Dus echt fan alle merken thús.

Dus ha jo skea oan jo auto, en sykje jo in goed bedriuw om jo fan dy skea ôf te helpen? Of ha jo oare fragen oer jo auto? Dan is it seker de moaite wurdich om efkes del te gean bij "VANKRIMPEN" autoschadeservice yn Boalsert.

Besjoch ek de webside: www.autoschadevankrimpen.nl

(BD)



Living on the edge, mei in knipeach

It is fiif foar tolven. Figuerlik. Want eins is it no alve oere en dus noch trije en in heal oere foar de ôftraap fan it Fean tsjin SDS. By winst hjoed is der foar takom jier wer in plakje foar ús yn de twadde klasse. By in lykspul binne wy ôfhinklik fan Bertsum en Minnertsgea. By ferlies kinne wy ús opmeitsje foar neikompetytsje. Hooplik is dit de lêste wedstriid fan it seizoen. Oars wachtsje der foar ús noch in oantal wedstriden yn de neikompetytsje.



Dit seizoen ha wy it net goed dien. In soad ferlern en somtiden wie it slappe hap. Geandewei de kompetysje wienen wy wer ûnderyn de ranglist te finen. En mei noch 6 wedstriden te gean tsjin respektivelik 't Fean, Minnertsgea, Berltsum, VVI, Balk en nochris it Fean moasten wy noch sawiesa 4 of miskien wol 5 kear winne om der yn te bliuwen.

It omslaphpunt. It wurdt no dreech mar it kin noch wol. Der komme by my no in twatal herinneringen omheech. As earste 'door het oog van de naald'. It lêste seizoen mei Dick Schuurman as haadtrainer moasten wy de lêste wedstriid tsjin Bant. By winst wienen we feilich en hoechden we gjin neikometytsje te fuotbaljen. De wedstriid waard mei 3-0 wûn en we spilen ús op de lêste dei feilich. As twadde de 'Houdini-act'. Ferline jier Seerobben út. Ek doe gong it der de lêste spyldei om en we spilen doe 1-1. En mei 1 goal better yn it doelsaldo kamen wy doe boppe it Fean en ûntrûnen op dy wize neikometytsje. Ferline wike frege Marco Hoekstra my hoe it no kin dat wy oan it ein fan de kompetysje ynienen wol fuotbalje kinne en yn it begjin net? Dy fraach hâldt my dan efkes dwaande mar ik ha gjin goed antwurd. In mooglike ferklearring is dat wy op it rantsje fuotbalje moatte. Wy ha druk nedich om te prestearjen. Living on the edge. Mar krekt net der oerhinne. Mei in knipeach.

De earste wedstriid tsjin it Fean wûnen we. Minnertsgea gelyk, Berltsum ferlieze we yn de lêste minút, VVI wûnen we, we ferpesten it kampioensfeest fan Balk troch 4-3 fan se te winnen en straks de lêste tsjin it Fean. De mooglike senarios binne beskreaun. Wy stean wer op dat rantsje. Der is druk. It is no fiif foar tolven. Letterlijk en figuurlijk. Dit moat goed komme!

Update: It kaam net goed. We ferlearen mei 2-1 troch in goal yn de lêste minuten. By in lykspul hienen we alles ûntrûn. It momint dat ik dit typ is de snein nei de earste neikometytsjewedstriid tsjin Mulier. Ek dy ha we ferlern mei 1-3 en no tiisdei spylje we de twadde wedstriid tsjin Mulier. We stienen op it randsje en krigen in triuw. No hingje we noch krekt oan it randsje en wy hawwe noch 90 minuten om wer omheech te klimmen. (Skelte Anema)

In fruitmandsje bringe by....

Douwe Dirk Reitsma rint alwer in skoft op krukken. Wy binne wol benijd hoe 't it mei him giet.

Wêr hast lêst fan?

Ein ferline jier krige ik lêst fan myn ljisk en letter fan myn rêch. Fia de fysio nei de hûsdokter en dy fetroude it net. Sa kaam ik yn it sikenhûs foar ûndersyken. Hjir die bliken dat ik in goedaardige bottumor hie oan myn boppeskonk flakby myn heup. En sa bin ik opereard yn Damme (Dutslân). Lange wachtlisten yn Nederlân hat my besletten om my dêr operearre te litten.

Hoe giet it mei it herstel?

It herstel giet de goeie kant op. Mar 6 wiken mei krukken rinne falt net ta. Op 8 maaie moat ik wer foar kontrole nei de sjirurch ta yn Damme. En dan hoopje ik wer sûnder krukken te rinnen. ("seit de optimist" (Jet))

Giet it allegear wat nei dyn ferwachting?

Ja, ik mei net kleie. Mar geduld, geduld en nochris geduld. Ien dy my goed kin, wit dat ik dat dreech fyn. Want ik bin it leafst altyd dwaande.

Wurde sy thús al gek fan dy?

Se wurde thús al wat gek fan my. De lytste dingen sa as kofje, té, iten, ensfh. moat my brocht wurde. Lestich dat jo je net rêde kinne. Somtiden slaan sy my it leafst de krukken ûnder it liif wei....



Wannear ferwachtesto wer rûntsjes om it fuotbalfjild te draven?

Yn juny as it in bytsje meisit. Earst fysio en krachttraine en dernei wer opboue. Dêr ha ik no al wer sin oan.

Hoe komt it mei dyn skiedsrjochterskarriêre?

De sjirurch sei;foar it nije seizoen bist wer klear. No dat hoopje ik, want stil sitte kin ik net. En wa wit kin ik no wer begjinne te fluitsjen sûnder blessures. Dat soe wol moai wêze.

Tot slot; No't ik wat ûnder de lea hân ha is it moai dat minsken om my tinke. De protte kaarten, blommen, fruitmanden, tillefoantsjes, sms-kes, en e-mails hat my goed dien. Yn ien wurd geweldich, tige tank hjir foar. It binne de lytse dingen wer't it om giet. Mar o sa wichtich!

Wy hoopje dy gau wer sûnder krukken te sjen! Betterskip!

(WW)

Fjouwer broers

Fjouwer broers dy't allegear fuotbalje by SDS, hoe faak komt dat noch foar? Genôch famyljeleden by ús feriening, werby broerkes en suskes de ballen fuorttraapje. Mar fjouwer fûnen wy best bysûnder. Dizze broers fuotbalje thús ek faak mei elkoar yn 'e tún as tsjin de muorre. Else jûn is mem Karin wol dwaande mei it optiid fuort stjoeren fan de jongens, om't se yn duo's hast else jûn traine moatte. Dit kear gie ik yn petear mei dizze fjouwer enthousiaste jongens, dy't allegear by in oare 'letter' spylje. Mei ik jim foarstelle oan:



Tiemen
Bergmans
←



Jasper
Bergmans
→



Peter
Hoogerwerf
←



Martijn
Hoogerwerf
→

Oan dizze fjouwer jongens stelde ik 4x4 fragen. Sa krije jim in yndruk fan de ferskillen en oerienkomsten by dizze broerkes út Itens. Myn earste beskriuwing fan de jongens wie: spontaan, sa begonnen se allegear al snel te fertellen oer it fuotbal as oer de fragen dy ik stelle soe. Wat koene se der eins fan ferwachtsje? Op de folgjende pagina's sjogge jim de fragen en antwurden...

SDS

Yn wat foar team spilest?

Tiemen – F1

Jasper – E3

Peter – D1

Martijn – C2

Op hokker posysje stiest?

Tiemen – Keeper

Jasper – Mid-mid

Peter – Spits

Martijn – Achterste man

Foar elk wat wils yn dit gesin! Foar els wie dit ek wol hun favorite plakje. Sa koe Jasper as mid-mid lekker it hiele fjild oer drave. En joech hy by syn lytse broerke Tiemen oan dat je as keeper in soad blessueres krije koene. Mar dat makke Tiemen neat, ûndanks dat hy hjoed syn rêch knakte en it dochs wol in bytsje sear die... Bliuwt it it moaiste plakje!

Wa is de bêste spiler fan SDS?

Tiemen – Luka fan F1

Jasper – Mysels

Peter – Krist fan C2

Martijn – Pieter fan C1

Eins wie hiel SDS gewoan goed, mar as se dochs kieze moasten...

Wa is de bêste trainer fan SDS?

Tiemen – Tsjipke

Jasper – Ayanle

Peter – Wytze (dy blonde út it 1^e)

Martijn – André

FUOTBAL

Wat is dyn favoryte fuotbalklup?

Tiemen – Ajax

Jasper – Manchester United

Peter – Ajax

Martijn – Ajax

Tiemen en Jasper joechen oan dat se hjir it meast fan fan wiene. En se joechen elkoar ek wol gelyk, want as Ajax immers tsjin Manchester moast

spylje, tsja dan wint Manchester. Dus as Jasper nei Nederlân sjen moast wie it Ajax. En as Tiemen nei Ingelân sjen moast, dan wie it heus wol Manchester!

Wa is dyn favoryte spiler?

Tiemen – Maarten Stekelenburg.

Jasper – Wayne Rooney.

Peter – Nigel de Jong

Martijn – Zlatan Ibrahimovic

As ik fan Martijn Ibrahimovic net goed koe spelle yn 'e Treffer, dan mocht ik it wol opsykje op google. En oars mocht ik der ek wol Messi delsette, dy wie wat makkelijker...

Wat fynst it leukst oan fuotbal?

Tiemen – De bal fuortstjitte!

Jasper – Dolle, troch it hiele fjild alle spilers wat dolle.

Peter – Teamwork, je meitsje in prestaasje mei it hiele team.

Martijn – It winnen fansels, mar ek de teamsport.

Wat fynst it minst leuk oan fuotbal?

Tiemen – Ferlieze..

Jasper – Dat de skiedsrjochter altyd sa seurt!

Peter – Ferlieze..

Martijn – Ferlieze..

SIFERS

Hoe âld bisto?

Tiemen – 7 jier

Jasper – Bijna 11 jier

Peter – 12 jier

Martijn – 14 jier

Yn wat foar groep sisto?

Tiemen – Groep 4

Jasper – Groep 7

Peter – Groep 8

Martijn – 2^e klasse op 't AOC yn Snits.

Wat is dyn skuonmaat?

Tiemen – 31

Jasper – 33

Peter – 37

Martijn – 42

Moast ik dat echt witte? No dan mocht ik ek wol witte dat Jasper mar 4 sintimeter grutter is as Martijn!

Op hokker plak stiet jim team yn 'e kompetysje?

Tiemen – 4^e (we oantkomme net oan dit sifer)

Jasper – Middelmaticch...

Peter – Net sa heech...

Martijn – 1^e!

FAN ALLES WAT

Wat is dyn favoryte tillefysjeprogramma?

Tiemen – Hast alles fan Nickelodeon, mar 'Victorius!' wie dochs wol hiel leuk.

Jasper – South Park

Peter – Alles mei aksje en avontoer

Martijn – Eins gjin programma's, ik sjoch mear nei aksjefilms.

Wat is dyn favoryte iten?

Tiemen – Spaghetty

Jasper – Sprútsjes

Peter – Spaghetty

Martijn – In hinnepoat

Ja, it wie echt wier. Sprútsjes bin sa lekker fynt Jasper! Fjirder mei mem Karin bliid wêze mei har itensiederskeunst, soe har spesjaliteit spaghetty wêze?

Wat fynsto de moaiste kleur?

Tiemen – Read

Jasper – Grien, de kleur fan gêrs.

Peter – Read

Martijn – Read

De kleur read hat fêst te meitsjen mei de bêste fuotbalklup?

Wat wolsto letter wurde?

Tiemen – Plysjeman

Jasper – Ik wit it noch net, miskien wol oceanoloog. Ik hâld wol fan de see, strân en de orka's.

Peter – Kommando

Martijn – Kok

Mochten jim Tiemen, Jasper, Peter as Martijn rinnen sjen op en rûn de fjilden fan SDS. Swaai dan efkes! Se fielden sich suver beroemd nei sa'n ynterview...

(TB)

Ut de âlde doaze (1)



Op de foto v.l.n.r. achter: D. Okkema, H. Tjalsma, A. Hiemstra (aanv.), R. Schuyf, G. Bootsma, K. de Jager, G. J. Bruinsma, T. Stuiver, G. Hiemstra (trainer-leider). Voor: W. Faber, F. Hiemstra, R. Syperda, E. Kuiper, T. J. Hoekstra, M. v. Antwerpen.

Hege skoares fan jeugdaltetallen yn de regio Súdwest Fryslân waarden yn it ferline beleanne mei in bal. Oanbean troch Janssen Sport út Snits.

De boppesteande foto is fan SDS D3 neidat sij yn in wykein mei 8-0 wûn hiene.

En sa koe it barre dat dizze foto opnaam waard yn de Snitser Krante, dat SDS in bal krige, dat de foto yn it plakboek fan Bauke de Boer te lâne kaam en dat wij dizze foto no pleatse kinne omdat dy boeken fan souder kommen binne,

Wat ús foaral opfalt dat Geert Hiemstra sa grut is at hij bij D3 pupillen op de foto stiet, wêrûnder syn twa soannen (Floris en Auke) dy't no sawat twa koppen grutter binne.

(AH)



JANSSEN-SPORT

JEUGD
Topscorer van de week **SNEEK**
v.v. S.D.S. 3D (8-0)

Deze week heeft S.D.S. uit Oosterend zijn 2e bal gewonnen door een 8-0 overwinning van S.D.S. 3D. Leiders in de topscorercompetitie: T.OP. 1B en Hielpen 1D (19-0).

Ut de âlde doaze (2)



Boppesteande foto is fan 1972. SDS bestie doe 25 jier en krige in nije flagge. Tjibbe Velzen en Klaas Overall stean by de flagge. No 40 jier fierder yn'e tiid giet SDS op foar har 65-jierrich jubileum.

Persoanlik

<p>Wy stelle jim graach foar oan:</p> <p>Steven van der Pol</p>	
Namme	Steven van der Pol
Berne	12-09-2001
Wommels, Easterein as....	Wommels
Skoalle	It Fûnemint
By SDS sûnt	2007
Team	E1
Gjin fuotbal, dan...	Keatse en basgitaar spylje
Favorite klup Nederlân	Sc Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Chelsea
Beste trainer	Aant

Beste fuotballer yn Nederlân	Luciano Narsingh
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Frank Lampard
Favorite fuotballer SDS 1	Tsjipke Klaas Okkema
Favorite posysje	Rjochts op it middenfjild
Sterkste punt	Frije trappen
Swakste punt	Koppen
Moaiste stadion	Camp Nou
Idoal	Frank Lampard
Hichtepunt	1e wedstriid direkt 14-0 winst en in goal!
Djiptepunt	Ferlies tsjin Joure en dertroch net kampioen
L. Messi of C. Ronaldo?	Messi
K. J. Huntelaar of R. van Persie?	The Hunter
Boas om	Kampioenskip Ajax...
Gelokkich fan	fuotbalje
Televyzje	Top Gear
Muzyk	'Dedication to my ex' fan Lloyd
Iten	Pizza
Drinken	Cola

<i>Simmer of winter?</i>	Simmer
<i>Kampioen EK 2012</i>	Nederland
<i>Topskoarer EK 2012</i>	Van Persie
<i>Moaiste sjurt</i>	Sc Heerenveen
<i>Lelijkste sjurt</i>	Oudega-HJSC
<i>Fuotbalskuon</i>	Adidas F10
<i>Rjochts of lofts?</i>	Rjochts
<i>At ik letter grut bin dan....</i>	Wurd ik marinier
<i>Wolst fierders noch wat kwyt?</i>	Nee

(BD)

Feest SDS 65 jier!

Op freed 10 augustus betstiet SDS 65 jier.

Dit sil net ûngemerkt foarbygean.

Hâld dy dei dus frij!

De jubileumkommisje is drok dwaande om in alderaardichst programma foar dy dei op te setten foar jong en âld.

Freonlike groetnis,

Immie
Marco,
Durk
Willem



SDS-ers en de sosjale media

Yn dizze rubryk, wêr yn't we it 'reilen en zeilen' fan SDS-ers op it mêd fan de sosjale media folgje nimme we dizze kear ien lid ûnder de loep. Wêr hat er it oer, wa folget er en wa folgje him?

@janstenekes, lieder fan SDS3, Feanfan, master, muzykleafhawwer, heit, man, houthakker en noch folle mear (yn willekeurige folchoarder).

Jan hat mar leafst 62 folgers, hy folget sels 80 twitteraars.

It falt op dat Jan in trouwe twitteraar is, hy nimt alle dagen wol even tiid om syn folgers opé hichte te hâlden fan syn harsesspinsels, as om immen in berjocht te stjoeren. Sa falt ek te lêzen dat Jan op keninginnedei in bysûndere erfaring yn de trein nei Grins hand hat;

Jan Stenekes@JanStenekes:

De eerste comasûpers sit yn de trein nei grins. Hoefolle % soene der yn it UMCG eindigje? Erger u niet verwonder u slechts. Best lestich!

Twitter is ek ideaal as je wat kwyt binne, no witte de minsken dy't Jan kinne, dat dat net sa faak bard, mar goed, as er dan ris wat kwyt is, dan is it ek daliks 'Alle hens aan dek';

Jan Stenekes@JanStenekes

@ff sds:

Help! Ik bin myn seizoenkaart fan heerenveen kwyt. Neffens my ûtlient mar wit net oan wa. It wie yn de sds kantine. Retweeten aub.



Retweeten is dat folgers fan Jan syn berjocht trochstjoere nei harren eigen folgers, dat is in oantal kear dien, mar yntusken hat Jan al in nije seizoenkaart besteld.

Jan folget sels syn freonen en bekenden, mar ek minsken dy't er (warskynlik) net persoanlik kin, sa as; @LeoBlokhuys(libjende muzykensklopedy), @Doutzen (moaie frou út Fryslân), @foofighters(lekker Rocke) en @GerrySnel (Gerrje Snel is dy toptrainer fan de WBWMF boys).

Wa folgje Jan? Dat binne foaral freonen, bekenden en in inkele ynstânsje sa as; @spulwike(al 40 jier fertier foar alle bern fan Littenseradiel), @Bob_Greidhoek (hoeder fan it Greidhoek Festival) en @tryater (Breedst ûntwikkele teaterselskip fan Nederlân).

En wylst ik dit skriuwe hat er samar 3 nije tweets produsearre en sit er yn totaal op 247. Benijd hoe't dit fierder giet? Meldt dy oan by @janstenekes.

(SvB)

Koppe?

Fan ús striker Dooitze Nauta krigen wy in ynteressant artikel oer koppen:

Voetbalbond bagatelliseert hersenletsel door koppen

Voetballers die vaker dan 1000 keer per jaar koppen hebben een vergrote kans op hersenletsel. Dit blijkt uit onderzoek van neuropsycholoog Michael Lipton na het scannen van de hersenen van amateurvoetballers. Consument en Veiligheid meldt dat alleen al in Nederland 11.000 voetballers jaarlijks hersenletsel oplopen, waarvan 3.500 gevallen op de Eerste Hulp belanden. Vaak knock-out gaan of een hersenschudding oplopen kan uiteindelijk tot Alzheimer en Parkinson leiden. Voor de voetbalbond KNVB

is dit geen reden haar beleid rondom koppen aan te passen. Het onderzoek onder 35 amateurvoetballers vindt men te klein voor het trekken van definitieve conclusies. 'Als KNEVB hanteren we de richtlijnen die door FIFA en UEFA worden gehanteerd. Bij de jeugd worden kleinere en lichtere ballen gebruikt.' Daarbij zegt de KNVB geen aparte koptrainingen voor te schrijven maar laat zij dat in de praktijk over aan de trainer. De KNVB benadrukt dat verkeerde koptechniek en onverwachte richtingsverandering van het hoofd en clash van hoofden de belangrijkste oorzaken zijn van hersenletsel. Volgens neuropsycholoog Erik Matser is er ondanks de toegenomen kennis over de nadelige effecten van onder meer koppen nauwelijks iets veranderd in getroffen maatregelen. Hij vergelijkt dit met de wijze waarop in de jaren vijftig werd omgegaan met de kennis over de schadelijke effecten van roken. Hij is dan ook een voorstander van het gebruik van hoofdbeschermende maatregelen. Dat het spel hierdoor harder zou worden, zoals tegenstanders beweren, is volgens Matser onzin: 'Dat is dezelfde discussie die ontstond bij de invoering van scheenbeschermers.'



Hoe is it mei Jappie Wijnia syn holle?

Fan alle SDS'ers hat heechstwierskylik Jappie Wijnia it faakst kopt. Wy fregen him nei in reaksje op it boppesteande artikel.

Wat fynsto fan boppesteand artikel?

Ik tink dat as je technysk goed koppe de kans op bliuwend letsel lyts is. Wannear 't je jier yn jier út de bal boppe op je holle reitsje dan wurdt it in oar ferhaal. In bal boppe op de holle docht ek sear. Ik tink trouens

net dat it spul rûger wurdt as je ferplicht in helm op hawwe moatte.

Tinkst dat alle fuotballers oer 10 jier in helm op hawwe moatte?

Miskien in inkele keeper, mar fierder sil der net ien in helm op hawwe. Neffens my sil dit ek nea ferplichte wurde.



wichtichst. En net te ferjitten in goeie foarset.

Yn it stik wurdt praten oer spesjale koptraningen. Soesto dat wat fine?

Neffens my is dat wol fan belang. Ek by SDS wurdt der net folle mei de holle skoord. Jaap de Blaauw of in oare trainer fan SDS mei my altiten belje.

Hasto ek flinke botsingen hân troch it koppen en hjjrtroch wolris nei it sikenhûs moatten?

Ik haw net folle botsingen hân. Sa no en dan ris mei de hollen tsjinelkoar. Ea bin ik ris mei in skuorde wenkbrouw by de dokter west.

Hasto wolris pine yn 'e holle?

Nea fan it koppen. Allinnich ris fan tefolle bier.

Hoefolle ballen soesto al kopt hawwe yn dyn libben?


Ik fuotbalje no sa 'n 33 jier, dus haw sa 'n 1000 wedstriden fuotballe en likefolle kear traint en dat kear 10x koppe per wedstryd of training. Dus ik hâld it op sa 'n 20.000.

Hasto ek it idee dat der tsjintwurdich folle minder oandacht oan koppen besteden wurdt troch trainers as yn it ferline?

Noch nea haw ik in trainer meimakkedy oandacht hie foar it koppen. De measte spilers kinne wol koppe, mar it wichtigste is dat je op it jûste momint frij steane en it momint fan springen is tige wichtich. Slim fuortrinne fan je tsjinstanner is it

Op Voetbalnoord stiet dasto yn dyn fuotbalkarriêre yn SDS 1 216 goals makke hast. Hoefolle hjir fan soesto mei de kop makke hawwe?

Ûngefear de helte fan myn doelpunten haw ik makke mei de holle. Ek as ik no yn it fiifde skoord is de helte noch altiten mei de kop.



Yn it ferline wienen der in soad spitsen dy 't echte kopsjesjalisten wienen. Nim b.f. Ruud Geels, Wim Kieft, Johnny Bosman en Kees van Kooten. Tsjintwurdich sjogge je dat hast net mear. Wat fynsto op dit momint noch in echte kopsjesjalist?

Klaas-Jan Huntelaar fyn ik in hiele goeie koper. Hy rint ek altiten slim frij.

Jappie, bedankt! (WW)

Doelpunten 2011-2012

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	Tot
Peter Sijbesma							15	15
Jappie Wijnia							14	14
Joutsen Okkema	4	8						12
Ayanle Barkat				10				10
Pieter Kamstra					10			10
Harm Auke Dijkstra							10	10
Tsipke K. Okkema			8					8
Wichard Deinum							8	8
Jacob van Wieren			7					7
Hendrik de Jong			1	1	4			6
Arjen Los				3	3			6
Jitske Plantinga	6							6
Jitske Veltman		6						6
Jelmer Posthumus			5					5
Robert Sijbesma				5				5
Sytse Hibma					2	3		5
Johan Delfsma					1		4	5
Feite de Haan			2	2				4
Sytze Kooistra				1	3			4
Willem Wijnia					4			4
Willem Veenstra							4	4
Sieta Tessemaker	4							4
Dirk Yde Sjaarda			3					3
Skelte Anema			3					3
Manon Travaille	3							3
Gerrit Flisijn				3				3
Sjoerd Rispens					3			3
Broer J. Greidanus						3		3
Ronny Wagenaar							3	3
Jildou Jorritsma	3							3

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	Tot
Tessa Booms	3							3
Dirk de Jong			2					2
Doede Sijszeling						2		2
Susan Altenburg		2						2
Jan Simon Jelsma				2				2
Jort Strikwerda				2				2
Andries Lanting						2		2
Bauke Jan Plantinga						2		2
Eeltje Postma						2		2
Gerlof J. Hofstra						2		2
Jelle de Jong						2		2
Steffen Bruinsma						2		2
Tjeerd Dijkstra							2	2
Sanne Rixt Jorritsma		2						2
Erik Haitsma			1					1
Ewout de Boer			1					1
Feiko Broersma			1					1
Jacob K. Haitsma			1					1
Johan Postma			1					1
Anne Stenekes				1				1
Sietse Kooistra				1				1
Ids de Boer					1			1
Ralph Wariman					1			1
Remco Bervoets					1			1
Stefan van Krimpen					1			1
Bram Strubbe						1		1
Bram van Beem						1		1
Doede Kooistra						1		1
Jan Mulder						1		1
Pytrik Hiemstra						1		1
Christiaan Hoekstra							1	1
Ids Boersma							1	1

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	Tot
Sipke Hiemstra							1	1
Ype Tiemersma							1	1
Antje Stenekes	1							1
Margriet Rienstra	1							1
Myriam de Boer	1							1
Dagmar Tjalsma		1						1
Ida de Boer		1						1
Janneke vd Elshout		1						1
Jildou Bervoets		1						1
Sietske Poelsma		1						1
Totaal	26	23	36	31	34	25	64	239

Mei noch in inkele wedstriid te gean (wij hope dat dy op 0-0 einige) is dit likernôch de einstân fan it doelpuntenklassemint 2011-2012 fan de senioren en de froulju.

In lekkere lange list, want lit ús earlik wêze doelpunten dêr draait it allegear om. De komplette list stiet ek op www-vv-sds.nl ûnder it kopke senioren. Ek dy fan de foargeande jierren stiet dêr op.

Wat ús opfalt is dat de beide Sijbesma's goed binne foar 20 doelpunten, dat de beide Okkema's 18 kear skoard hawwe, dat Jacob van Wieren mei syn 7 doelpunten yn it lêst de grutste sprong makke hat, dat der twa Jitskes yn de list stean, dat SDS 5 goed fertsjintwurdige is. Fierders hawwe wij it idee, nee sterker noch hawwe wij hurde bewizen dat der dit jier folle minder skoard is as ferline jier. Doe wiene der mei in alvetal mear 339 doelpunten.

Minder doelpunten komt ek troch de standen: SDS 3 hat aardich meidien, SDS 5 skoarde der op los at de wedstriid troch gie en foar de rest binne der te folle yn de middenmoat of ûnderoan einige.

Mei de 15 doelpunten fan Peter hawwe wij de kluptopskoarder 2011-2012 yn byld en dat hat yn jierren net sa leech west.

(AH)

Trefferkes

Fan it bestjoer oan de leden

Fanôf heden hat Hilde Knol net mear de ledenadministraasje fan SDS.

Dizze is tydelik by Tineke Vink.

Foar fragen kinne jim by har terjocht.

Pasfoto's ynleverje? Dit graach by Tineke, Singel 30A Easterein.

famvink@ziggo.nl, 333134

Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Tineke Vink fia tillefoannûmer 0515-333134 of mail nei: Ledenadministraasje@vv-sds.nl.

Nije ljochtmasten

Sneon 5 maaie is it Skoalleseize-bestjoer mei ferskate frijwilligers dwaande west mei it oanbringen fan nije ljochtmasten op it lytse trainingsfjild. Ut namme fan SDS tige tank foar it wurk!

Tafelfuotbal

Der binne froulju by SDS dy 't der oer neitinke om folgend seizoen yn de seal fuotbaljen te gean. Mocht dit neat wurde dan witte wy noch wol in oare opsje:



Spilerspaskes ynleverje

Wolle alle leiders der efkes om tinke dat sy nei de lêste wedstryd fan harren team de spierspassen ynleverre wurde by Tineke Vink?

It bestjoer

De âlde doaze

Ha jim ek noch moaie âlde foto's, dan soe it moai wêze at wij dy efkes brûke kinne om se yn dizze rubryk te pleatsen. Nim efkes kontakt op mei Aant.

Nijs?

Hawwe jim noch nijs, foto's, eigenaardichheden of oars ek mar wat wat op de SDS-webside kin of foar de Treffer, mail it dan nei info@vv-sds.nl of detreffer@vv-sds.nl

Aginda

Wannear?	Wat ?	Hoe let?
25-maaie	Slotdei SDS-jeugd	
7-9 juny	Wommelser Merke	
8-juny	Start EK-fuotbal	
9-juny	Nederlân - Denemarken	18.00
9-juny	Midsimmercup yn Dronryp	
13-juny	Nederlân - Dútslân	20.45
15-juny	Uitje Trefferredaksje	
16-juny	Slachterin	
17-juny	Portugal - Nederlân	20.45
21-24 juny	Kwartfinales EK	
22 juny	Rudy en Baukje-Wytske troue	
22-24 juny	Graspop	
26 juny	Pearl Jam yn Ziggo-Dome	
28-29 juny	Eastereiner Feesten	
27-28-30-juny	Heale finales EK	
29-30 juny	Dokk'em Open Air	
25-july	Jong Feinte partij yn Easterein	
1-aug	PC yn Frjentsjer	
8-aug	Freule yn Wommels	
10-aug	Feest SDS 65 jier!	9.00
10-aug	Start Eredivisie seizoen 2012/2013	
1-sep	Start kompetysje amateurs	
15-sep	Greidhoek' Festival yn Wommels	19.00

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs eltse dei op
www.vv-sds.nl!**